Mei Willem de Wilde it Lauwersmargebiet yn

27 Mei 1993

Ynkoarten sille yn it Lauwersmargebiet de Parnassia en de Orchidee bloeie. It Parnassia plantsje bylket no al mei frisgriene rûne glêde bledtsjes en de earste knopkes fan de straks wite blommen binne al te sjen. Ek de orchidee sjit mei fikse skeuten ta de grûn út en oer in wike of wat sil de plant pronkje mei hast eksoatyske blommen. Nei sjen, net oankomme en alhiel net útgrave en foar de eigen tún thús mei nei hûs nimme seit IVN-gids Willem de Wilde fan Easternijtsjerk.

Okkersneons luts er mei in groepke minsken it Lauwersmargebiet yn. It groeimiljeu fan de orchidee is sa kritysk dat de plant it dochs net oerlibje sil. Willem de Wilde is al sa'n fyftsjin jier offisjeel gids fan it „Instituut voor natuurbescherming en educatie". Mar syn belangstelling foar de natoer en alles wat der yn groeit en libbet is folle âlder. As jonge moast er mei noch al in slimme sykte in pear jier op bêd lizze. It besjen en beneamen fan blommen en planten wie ien fan de leafhawerijen dy't him troch dy perioade skuorde. In leafde dy't bleaun is en ek yn it lettere drokke libben as oannimmer yn 'e bou ôfwikseling en ferdivedaasje joech. IVN-gids wurd je net sa mar. De Wilde moast oan 'e stúdzje en lei foar twa IVN-bobo's eksamen ôf yn 'e natuer fan de Peazemer lannen. Hy is nea in man fan djoere wurden en geleard hearende Latynske nammen wurden. Mei lytse ezelbrechjes en ferhaaltsjes fertelt er yn ekskusjegongers wat er kwyt wol. De orchidee is net allinne in kritsyke plant wat de grûn oangiet, yn dy grûn moatte ek skimmels sitte wer't de orchidee net sûnder kin fertelt De Wilde. In wûndere symbioaze fan organismen dy't foar't neist yn 'e plantewrâld folle faker foarkomt as wy witte. It tige lichte sied fan de orchidee waait hast oeral hinne. Dochs waakst de plant mar op in pear útsprutsen plakken. Dy lokaasjes soene sa kritysk wêze dat in reinbui mei fersmoarging fan earne oars de biotoop fan de orchidee fersteure kin. Net plukke of útgrave dus mar der nei sjen en fan genietsje.



De drokke ferkearsdyk dy't troch it natuergebiet snijdt waard oerstutsen mei in heechhoot.

Slykwurkers miggen en mûzen

Ferwachtsje gjin sensaasjetocht lâns net berûne paden warskôget De Wilde yn 't foar as er de ekskursje mei trije froulju en sân manlju by „Expozee" op Lauwerseach begjint. Wy bliuwe meast op 'e skelpepaden. Myn taak is eins om de minsken it sjen te learen en se it hoe en wêrom te fertellen fan wat wy sjugge en tsjinkomme. De útlis begjint daliks al by „Eksposee" wer't in makette sjen lit hoe't eartiids lân oanwûn waard yn 'e Lauwerssee. De slykwurkers groeven greppels om it opkommend en ôfrinnend seewetter yn eigen banen te lieden en pleatsten ryshout matten om de fine klaaidieltsjes fêst te hâlden. Wie de slyklaach heech genôch dan waard earst in simmerdyk en letter in hegere seekerende dyk oanlein. It ôfsluten fan de Lauwerssee makke in ein oan dy eins dochs al te djoere wize fan lân oanmeitsjen. De sâlte Lauwerssee waard in mar mei swiet wetter, in yngreep dy grutte konsekwinsjes hie foar alles wat libbe en groeide yn it gebiet. Hiele stikken foelen droech al is der lokkich hiel wat wetter bleaun. De sâltwetterskelpdieren stoaren. Dat stonk earst tige, wit De Wilde noch dy't it hiele proses tige folge. Der kamen zwermen miggen op ta en dat luts wer fûgels oan. En mei de fûgels kaam it sied en in spontane waaks fan beammen.

Dúndoarn, kninen en in foks

Ien fan de grutte groeiers yn it Lauwersmargebiet is de dúndoarn, in wat stikelige strûk dy't yn 'e neisimmer mei protte oranje beien pronket. It earste sied is moaiwiis troch fûgels oandroegen, no wreidet de dúndoarn him troch eigen sied en mei lange woartels sawol ûnder as boppe de grûn jier op jier fierder út. De tichte pôlen dúndoarn beskermje lytse bisten en fûgels. Gjin rôffûgel doart it oan om yn dy stikelige bosken te dûken. Fan de beien kin ek bêst jam makke wurde tinkt ien fan de ekskursjegongers. Se sitte fol fitaminen. De Wilde hat syn betinkingen. Se sitte ek fol pitten en binne soer. Der moat frachten sûker by om se op smaak te krijen. By de lytste plantsjes wurdt ûnderweis tekst en útlis jûn. Lang net alles wol hjir groeie, ek al om't de grûn hjir noch skraal en brak is. Planten dy't fan sâlt hâlde binne der net. Wol kin de iene plant der better tsjin as de oare. Sa groeit de lytse giele „oerfloed" (muurpeper) tsjin de ferdrukking yn en hâldt ek de „reagersbek" it lang út. Dat docht ek de „paardenstaart", in ienfâldige plant dy't neffens fossylprinten al miljoenen jierren op ierde groeit. Bisten sjugge de eksursjegongers hast net, al moatte hjir dochs in protte kninen sitte. Se hâlde net fan minsken en moatte moai wis ek wach wêze foar in foks dy't hjir om hûsmannet. In ûnder de lûp besjoene fûne foksekeutel sit grôtfol kninehier sa docht bliken. Ek de fûgels litte har net bot sjen. Yn 'e poelen swimme bercheinen en



IVN-gids De Wilde lit Hessel v.d. Werff mei de lûp in troch in galmich tramtearre reid besjen.

kobben en in karrekyt sjongt syn namme yn 't hege reid. Ek in „reidimerke" (sprinkhaanrietzanger) wit fan gjin ophâlden mei syn „Prrr" dat er hast twa minuten folhâlde kin. Sjen dogge wy it fûgeltsje net, it sit mear op 'e grûn as yn 'e loft. In strânljip mei jongen is lulk en warskôget ús net tichter by te kommen. Hast trije oere duorret ús tocht. „It rint wat út 'e hân, measteniids hâldt it mei twa oeren op" fertelt ús IVN-gids Willem de Wilde. Mar nimmen hat him ferfeeld en guon hiene noch wol efkes fierder en langer it Lauwersmargebiet yn wollen.